

Eppie Dam Oftaaste, weromfalle en wer opklauwe

'Alles is klaai en ploegjen op rotsen'. Wurden dy't Eppie Dam ta de fuotten út tekenje – al is it wol mar foar de helte. Want wa dichter hat it hegere heger set as hy? In petear oer libben, leauwe en literatuer nei de ferskinning fan syn santjinde dichtbondel.

☛ Abe de Vries ☛ Marchje Andringa

Eppie Dam komt út Kollumerpomp, jier-1953. Grutwurden yn in otterdoks protestantsk boeferemidden, dêr't er yn 'e rin fan' e tiid lossen fan kommen is te stean. Oplaat ta ûnderwizer hat er op Urk en yn Balk oan skoalle stien, mar de hân taaste behalve nei it witte krypt ek altyd nei de guozzefer. Mei syn 64 jier hat er wilens hast fjirtich jier skriuwer- en dichterskip achter him lizzen. In produktiver en follesidiger dichter is der yn it Frysk net en hat der ek net west; syn oan no ta santjin bondels omfetsje suver it hiele libben, fan leafdes- natoer- en sportferzen oant gedichten foar bern en liturgyen. Dêrby is er benammen de lêste jierren ek in belangryk oersetter fan wrâldliteratuer. Dy't him te praat wol, moat yn Sleat wêze. Gedichten binne sjocht op Sleat, it kin net oars. Yn 'e maaitiid en by 't simmer stiet de bregde dêr nammers sa faak iepen dat mannich rigel fan al dat wachtsjen wol profyt ha moat en in dichtersnatuer treft om yn del. Tusken twa heakken, dat is in echte Dam-konstruksje: 'om yn del', mei it weilitten fan in gewoanlik dêrop folgjende 'te gean'. Sa 'n mitselrêf fan skriuwen hat er. Hy bout meast hecht, rjocht en regelmjittich. Al gau is der dan wat oerastalich, dat dus better benefiter bliuwe kin. Miskien is dat it riedsel fan syn dichterskip: likegoed sit der tusken en achter syn wurden frite romte, yn syn wurden grutte djipte. Santjin bondels. Hoe slisto noch mei nij wurk oer dy berch hânne komme kinne? „Der hoege gjin santjin mear by! Wa wit bin ik al oer it hichtepunt hinne. It moaie fan in berch is dat him stap foar stap beklimst. Yn 1978 haw ik de earste stap set mei myn poëzydebút, yn 2017 de santjinde stap mei myn lêste bondel. Dêrtusken is it meters meitsje, ôftaaste, weromfalle en wer opklauwe

Minsken wolle leaver net lykslein wurde mei oaren. Yn it leauwe kinne se der wat fan, mar de literatuer is mei itselde sop begetten

we. Ik leau dat ik yn 2004 mei Neigeraden it noarden myn top berikt haw. Dat wist ik doe al. Dêr haw ik, each yn each mei myn komôf, it djipst yn mysels taast, it earlikst mar ek it iensumst west. Net dat de bondels dy't letter noch folgen yniiden folle minder wiene, mar dy draage wol de sporen fan de wittenskip dat it heilste ljocht west hat. En dêrnei mar besjykje om wer dichtst oer 'e grûn te kommen."

Mei 'De oap foar de bokkewei' hast in by útsteek engazjearre bondel skreaum. Hat de hjoeddeistige Frysk poëzy op dat mêd noch wat te melden?
„Ik mjit yn 't algemien poëzy net ôf oan de mjitte fan engazjearre wêzen, dus ek net de Fryskje. Dêrom fyn ik engazjemint persoanlik wol in pree, mar it giet te fier om soks fan alle poëzy te fergjen. Elke dichter hat syn eigen stim. Soms sprekt dy út it inelik wei, soms wurdt er inkelde fersien yn en troch de taal. Ek dat kin bysûndere keunst opsmite. Ik fyn Elmar Kuiper, Tsead Bruinja en Abe de Vries by de tiid belutsen dichters, al is ek it op syn manier."

Eppie Dam is ek in baas oersetter. Ast in reade tried zyke soest yn it wurk fan de dichters dy't de lêste jierren oerset hast, wat soest dan oantrefte?
„Dy reade tried sil der absolút wêze wat je sette in dichter net samar oer. Dichters dy't ik substansjeel fertald haw binne W.B. Yeats, Joseph Brodsky, Les Murray en Antje Krog. Allegear taalfenomenen, elk mei in eigen poëtyk mar foaral ek fysyk lânskip dat geografysk troekber is. Ik haw der noait om socht, mar letter seach ik dat dizze fjouwer hast alle kontininten bestrike. Wat se mien hawwe is oerstrinken foar it ierdskje, soms it swaarte en goare, en tagelyk de stille of útsprutsen hing nei it geastlike. Dat lêste falt Krog dan bûten, wylst de bytiden sweverige Yeats der wolris tefolle fan hat. Wat

dat oangiet fiel ik my better thús by syn lûngenoat Patrick Kavanagh, dy't ik koartlyn ûnduts en in iepenberijng foar my is. Alles is klaai en ploegjen op rotsen oan him, mar tusken de rigels skynt altyd ljocht, en ynwindich is er in fitale dichter. Yn it slotters fan syn *Collected Poems* weeft er hurdhannich ôf mei Yeats, neffens him in fromme bangeskiter, beskerme troch de middenklase."

Ast nei de Fryskje poëzy fan hjoeddedei sjochst, en do sjochst ek yn waifoar poëzy, waifoar literatuer asto sels telâne kaamt doe'tst mei it skriuwen út in settest, wat falt dy dan op?
„Dat de belangstelling foar Fryskje poëzy stadichoan weispele is. Earder mocht in bondel op in pear hândert lêzers rekkenje, no giet it muosium by tsien en ienen tagelyk. It bestiet gewoan net mear. Fierder is der net folle feroare. Elk siet doe al yn syn eigen rûnsje, wat se hjoed in bubbel neame. Ik wie redaksjellid fan *Trotwaer*, fier fuort en suver yn in oare diminsje wiene oaren warber foar *Hjir*. Dat wiene twa wrâlden: in formeel-literêre en in basaal-kreative, al waarden de ferskillen wol opkloppe en úteinlik troch harsels fersterke. Minsken wolle har ûnderskiede, harsels in identiteit oannimje en leaver net lykslein wurde mei oaren. Yn it leauwe kinne se der wat fan, mar de literatuer is mei itselde sop begetten. Achterme hie ik miskien better yn it *Hjir*-fermidden past, mar ik leau net dat ik der in oare dichter troch wurden wie."

My falt op datst yn de poëzybesprekken foar de LC hast altyd frij myld bliid bist, wylst foar dysels altyd 'hard' west hast as it op it skriuwen fan poëzy oankomt. Kinst dat ferkeare?
„Der binne dingen dy't it byld ferte-kenje. Alderearst makket de redaksje in foarselsje, en dêr komt by dat ik dan net alle besprek wat ik tafoerd krigj. Sa bliuwe allinnich bondels oer dy't ik de muoite wur-



Yn 2004 haw ik, each yn each mei myn komôf, it djipst yn mysels taast, it earlikst mar ek it iensumst west

dich fyn. Dêrneist beskik ik oer in rom poëtyk hert en hantearje ik gjin wetten dêr't in dichter ûnder del moat. Ik bin ek ambassadeur en sjoch foaral oft in bondel in eigen lûd hat en kloppet mei himsels. Dat ik hard bin foar mysels is wier, al soe ik leaver sizze 'string'. It hat grif te krijen mei myn eigen achtergrûn: in protestant kin noait oan himsels foldwaan."

Ein dit jier komt der fan dy in twatalige seleksje út fan gedichten út dyn bondels ne 2000. Earder wurk hast derbitten litten. Is dy inder wurd te fier fan dy ôftraun?
„Earder wurk stiet fierder fan my ôf, sawol yn tiid as yn termen fan wurdfearing. Ik hie dingen oars dwaan wold, mar sa wurket it net: net yn it libben, net yn it skriuwen. Dy twatalige seleksje is in opmjitte nei wat misken oait in soarte fan Samle Fersen wurde moat, al wurdt it by my dan in samling mei hiaten. Ik haw dat foarwurk dien en sjoen dat yn de earste bondels grutte gatten falle. As dichter haw ik lang om myn toan socht, en ik wol de falske noaten derút hawwe dêr't ik my doe net altyd bewust fan wie. Oan 'e oare kant soe ik in bondel út 1986, by skilderijen fan Henk Pieterma, sa yngetraal oprimme."

It leauwe hat yn dyn wurk altyd in prominint plak hân. Hast no it gefoel datst dy op dat mêd werklik útsprutsen hast?
„Ik hie my al útsprutsen yn *Slotgebied*, it fjouwer siden tellende fers yn *Fallend ljocht*, derfan útgeande dat dat myn lêste bondel wêrde soe. Net om 'e nocht slút ik dy ôf mei in oersetting fan *Theologisch traktat*, de iepenheertige beliden fan Czesław Miłosz. In dichter fan in oar nivo, mar it traktat wie foar my werkenber, en tagelyk befrijend. Yn de *Bokkewei* skriu ik frijmoedich oer it leauwe, foar mysels de romte opeaskjend dy't ik

geandewei beskrep haw en persoanlik ûnderfyn. It hat wat treurichs datst der in hiel libben oer dwaan moast om dogmatske skouderfêsten, troch oaren oplein, neist dy del te lizzen. Minsken hawwe der in hantsje fan om dingen foar te skriuwen, frijheid te beheimen en it wêzen te beknosjen. Yn ien fan de fersen lit ik trochskimmerje dat it God soms ek beset."

Ta dy oevre hearre ek in protte liturgyen. Foar in part sit dêr tink ek de winsk achter om de liturgyske rykdom yn it Frysk te fergrutsjen, mar komme dy teksten ek fuort út ûnfrede mei in besteande liturgyske praktyk?
„Ik haw gjin ûnfrede mear mei besteande liturgyske praktyk. Dy fyt syn wei wol sûnder my en hoecht my dêrom net te steuren. Alles wat ik mei myn liturgyen en Kantates dien haw, is in wei fine foar mysels. It die bliken dat it ek in wei foar oaren wie om fierder. Ik haw âlde dogma's ôfskreaun, al noait in hel hân dêr't ik bang foar wie en dêrom ek gjin himel te ferwachtsjen. Dêr kom ik net bekaaid wei want ik fiel my roppen ta de ierde sûnder wat werom te wolden. It is foar oaren misken in skraal gefoel, mar it hâldt de hannen frij om te witten wêr't we steane: hjir is te hejen en hjoed is te rêden. Mear kin ik fan 'God' net meitsje."

Wat docht de wittenskip datst de sykte fan Huntington hast mei dyn poëzy?
„Huntington is wol fan ynfoeld, op alles, dus ek op it dichtjen. Ik kin it min om nivo mear bytiden rinne dingen my ûnder hannen wei en giet de holle alle kanten op. Ik besjykje wurden noch yn 't gearlee te krijen, want dat is wat in dichter docht, mar ik kin it amper mear stelle sûnder rym. Wat poëzy gelokkich eigen is in mysels noait frjemd west hat, dat sa moat ik my mar rêde."